


6-5-'82

'T SKIEPPE- STURTSJE



doarpskrante fan tsjerkwert e.o.

REDAKSJE: Sytske Dykstra-Bouwhuis, tel. 2968
Richt Speerstra-Bakker, ,, 2635
Rients van Buren, ,, 9280
Marten Kikstra, ,, 9269
Jan Dykstra, ,, 9498

TYPE- EN STENCILWURK: Ineke Dykstra-v.d. Meer

OMSLACH: Albert van Lingen Jr., Wergea

REDAKSJEADRES: Sylroede 5

BANKRELAASJE: Rabobank Bolsward; giro nr. 856.829
t.n.v. Rabobank Bolsward, rek. nr.
3087.56.800 t.g.v. It Skieppesturtsje
Tjerkwerd.

.....
FOARWURD:

1982 Sjit al wer moai op, Sinterklaas is al hast ûnderweis, de winter stiet wer foar de doar. Ferskate ferienings binne útein set mei it programma foar it winterskoft. Us doarpke libbet as in hert. Mannich toerist sil fan 't simmer Tsjerkwert op foto of dia set hawwe; de "Friesland-post" hie ús doarp ek op it omslach stean!

De boeren hawwe in hûdfol wurk ferset om it winterfoer ûnder plestiek te krijen.

Hawar, sa bliuwt der wurk en dat hat der yn oare bedriuwstakken wol oan. Us foar oanmannen yn Den Haach prate ús allerhande ûnheil oan, wolle ús it Frysk Orkest ôfnimme, de seedyk net mei hasten ferheegje en de P.T.T. net nei it Noarden ferfarre. Dat lêste liket my, ôfsjoen fan 'e wurkegelegenheid, noch net iens sa slim ta. Wolle wy ússels in bytsje bliuwe, dan moat men allerhande fernijingen wat mei "eagen op stâltsjes" besjen. Dat is net allinne yn 1982 sa.

Waling Dijkstra sinjalearre goed hûndert jier lyn (1874)
al, wathjoed-de-dei noch like aktueel is en wêr't jo ris
oer neitinke meie:

Doe stelde de Fries yn syn tael jit in ear
dêr kaem er mei del by de greatste mynhear,
dat liket nou neat:
nou binne se great
op healbakken Hollânsk, hoe bryk en forkeard.

Doe't pake jit feint wie en beppe jit faem
doe wie 't allegearre net heal sa fornaem,
Foarútgong is nou
it roppen al gau,
mar 't falt yn in hiele boel dingen hwat ou.

(út: Ald en Nij)

Jan D.

Kopy ynleverje foar 9 desimber.

& & &

Nieuws van de Dorpsomroeper

Peter Rozenberg en de Dorpsomroeper met ieder één Dag-
kaart voor f 13,-- , gingen met het Openbaar Vervoer rond
het IJselmeer.

Verslag:

Een Romeins schrijver en levensgenieter, gunsteling
van Keizer Nero ene Petronius Gest 66 j. na Chr., schreef
eens: Verlaat eens uw Stad of Woonplaats en bezoek
vreemde steden en de wereld zal groter voor u worden.
Eendachtig met deze woorden gingen Peter Rozenberg en de
Dorpsomroeper er op uit de 6de Oct. j.l..

Het is 6.50 in de vroege nevelige morgen en Peter
koopt voor ons ieder voor f 13,-- een dagkaart bij
de Tramhalte Snekkerstraat en vraagt meteen als hij
de KM stand mag weten bij het Vertrek met natuur-
lijk de uitleg waarvoor en dat die dag zich nog vele
keren zal herhalen zoowel bij het in als bij het uit-
stappen.

Er was in 't geheel geen route uitgestippeld, die werd tijdens de reis met wederzijds goedvinden vastgelegd.

De eerste etappe ging over Sneek-Joure naar H.veen en waar Peter de eerste 34 KM boekte en vervolgens de eerste koffie werd gedronken en een ochtendblad werd gekocht. Ruim 8 uur betraden wij de bus naar Meppel en die bleek ook weer een Lijndienst te zijn -ging over Wolvega-Steenwijk. Aankomst in Meppel 9.25, 47 KM er bij. Koffie gedronken in de N.S. Restauratie, filmrol gekocht en Peter maakt de eerste foto. Vertrek 9.58 richting Zwolle, maar Peter moest eerst nog zo nodig en zocht de afrastering van het Stationsplein op en dat net toen de bus van de D.V.M. arriveerde. Met luide stem riep ik: Peter afsluiten, de bus vertrekt; maar het kwam wel goed en namen onze plaatsen in.

De KM stand is weer geregeld en de reis gaat door de prachtige plaats Staphorst. De prachtige Klederdracht zoewel van jong als oud boeide ons zeer. Vanuit de bus nam Peter nog een foto. We gingen nog voorbij een drietal Melkfabrieken, geen Tankwagens maar alleen melkbussen, prachtige rekken met emmers en melkbussen aan de zijmuur van de boerderijen, vaak in licht-Groen geschilderd.

De aankomst in Zwolle was + 10.25, 29 KM werd erbij geboekt. Nogmaals in het Busrestaurant ieder een kop koffie te hebben gekocht, vervolgden om 10.50 met de V.A.D. lijndienst richting Amersfoort, over de IJselbrug-Hattum-Wezep-Elburg-Nunspeet, met prachtige bloementuinen-Harderwijk-Ermelo-Putten-Nijkerk-over de rails bereikten wij Hoevelaken de Prov. Utrecht. Bij het binnenrijden in Amersfoort aan mijn rechterhand de Grote Kei en links V.W. auto's van Pen.

Daar ik nogal veel onderweg noteerde en de medepassagiers hier vragen over gingen stellen en vanwaar wij kwamen, liet Peter de bel eens flink luiden en ondergetekende de pet opdeed, moest een ieder wel geloven dat zij inderdaad met de Dorpsomroeper en zijn metgezel uit Tjerkwerd reisden.

Aankomst 13.20; er werden weer 73 KM bijgeboekt.

Voordat de lijndienst van de C.N. die om 2.01 Richting Utrecht vertrok, werd de Redactie van de Skieppesturt gebeld, waar wij ons bevonden; daarna nog iets te hebben gegeten in de Stationsrestaurant, ging de reis over Soesterberg-Huis ter Heide-De Bilt. Zag in die omgeving:

Kazerne-Vliegveld-van Reeuwijk Meubelen-Gebouw: Kontakt der Kontinenten-Koninklijke Marechaussee Kazerne.

Voor de stad Utrecht: Hessing's Auto's; in de stad: Kwantumhallen-Hoog Catharijns-Knoopkazerne-Jaarbeurs Congres Centrum en de 111 meter Hoge Domtoren.

Aankomst Utrecht 2.50; de KM die bijgeschreven werden, waren 24,

Vertrek uit Utrecht 3.05; met de C.N. lijndienst naar De Bilt-Bilthoven-Maartensdijk. Om precies 3.33 rijden wij Noord Holland binnen. Bij de Hollandse Rading dam volgt de prachtige stad Hilversum; gaan langs K.R.O.-T.V. Studio-Gooiland-Grote R.K. Kerk-de Hilvertshof-Winkelcentrum-Laren-Blaricum (zijn Mies niet tegengekomen)-Huizen-Naarden met vesting-Naardermeer-Bussum, aankomst 4.40. Er komen weer 44 KM bij.

Na één Kleintje Pils, het kunnen er twee geweest zijn, tot ons te hebben genomen, staat de Lijndienst W.N. klaar om 5.07. Vertrek: Muiderberg-Muiden met de oude smederij in een van de straten waarop de gevel staat: "Zoolang er Paarden bestaan zal ik er Hoefijzers onder slaan" -Weesp-Diemen recht van mij de Grote Centrale, links Amsterdam-Rijnkanaal. Amsterdam binnen rijdende links de Bijlmer en rechts zie ik AJAX stadion.

Aankomst bij Amstelstation 5.50; erbij 27 KM.

Daar vandaan met de Metro naar het Centraal Station. De bus van de N.Z.H. vertrekt om 6.35 de eerste Sneldienst op deze dag.

Door de Coentunnel richting Purmerend, aankomst 7.10. Erbij 17 KM. Van Purmerend naar de Rijk: 13 KM. Van de Rijk naar Alkmaar, aankomst ruim 8 uur: 19 KM.

Het laatste Traject gaan wij weer met de Fram uit Alkmaar om 8.00 naar Friesland, daar alles ruim een half Etmaal begon ook met de Fram. 9.30 Aankomst A.C. Restaurant, 117 KM.

Geen busverbinding, de laatste, meer met Bolsward. Peter zijn zwager gebeld uit Bolsward, die bewogen was met ons lot en direct ons afhaalde.

Ruim 10 uur weer op het Framterrein.

Totaal werd er 444 KM gereisd, met 6 Verschillende Vervoers Maatschappijen en door hetzelfde aantal Provincies op één dag. Veel lof over de Chauffeurs.

Door de invallende duisternis is er na Amsterdam niet alles meer bij geschreven en tenslotte Dank voor de Vriendschap door mijn metgezel betoond.

Van Publilius Syrus Romijns dichter 1ste eeuw voor Christus:

"Een onderhoudend metgezel op de weg is even goed als een voertuig."

Een wonderschone dag was het.

h.gr. van de beide
Dagreizigers.

- : - : - : - : -

Bejaardensoos Tjerkwerd-Dedgum

Op dinsdagmiddag 30 november zijn we uitgenodigd door de soos in Bolsward voor een gezellige middag.

Het programma is nog een verrassing, maar dat het goed is, weten we zo langzamerhand wel.

In december komen we weer bijelkaar in de dependance van "It Waltahûs" en wel op dinsdag 14 december, ook weer om twee uur. Tussen St. Nicolaas en Kerstmis, de donkere dagen voor Kerstmis zegt men vaak, willen we deze middag een extra feestelijk tintje geven.

Hartelijk welkom, namens de commissie,

S. Buwalda-Posthumus.

"IT WALTAHÛS"

Grutte kulturele sintra as de Harmonie te Ljouwert en de Lawei yn Drachten presentearje harren nije programma's.

No kin ús Waltahûs net earlik tsjin dy sealen mûnsterje, mar Jo sille fersteld stean op sneon 13 novimber yn it Waltahûs.

De lêste jierren hawwe de âlderwâtske Fryske toanielstikken it in bytsje ôfwitte litten.

No wol it bestjoer fan it Waltahûs Jo wêr sa'n jûn oanbiede!!!

Wy binne der yn slagge om de Fryske krite fan Snits (jawol: Snits) te kontraktearjen om foar ús in jûn te fersoargjen.

Dizze krite beskikt oer earste klas spylers en spylsters en dizze jûn wurdt in kultureel hichtepunt foar ús doarp.

Se spylje foar ús it blijspul: "MIRANDA"

Om't wy witte dat ús doarpsgenoaten útsjögge nei sa'n jûn, ferwachtsje wy, dat de seal amper grut genôch is.

Wy noegje it hiele doarp út om dizze jûn by te wjen. It is op sneon 13 novimber, de jûns 8 oere yn ús Waltahûs.

It bestjoer.

Dank oan alle govers en geefsters van Tjerkwerd en Dodgum en omstreken voor de collecte voor het "Geestelijk gehandicapte kind". Dit heeft opgebracht: f 265,60. Heel hartelijk dank daarvoor.

H. Kooyonga.

Mei it bouwen fan sa'n grutte mole kaam tagelyk in nij berop oan de earder, dat fan moleman.

Hoewol der genôch minsken wiene, dy't mei in boeremole omgean koene, sa'n grutten kaam wat mear oan te pas. Foaral wat it waar en it skôgjen fan de loft oangie, benammen nachts, krige sa'n man hiel wat op 'e need.

Der waard yn in fergadering in rygje fan 23 artikels gearstald, dy't men "de instructie voor de molenaar" neamde.

Artikel 1 seit, dat as de mole "oer de kop" fleach, de moleman dan ûnslach krige "wegens verregaande achteloosheid."

Oer de kop woe sizze: as in mole mei in ûnferwachte wynpûst safolle gang krige, dat er mei de fang (rem) net mear te hâlden wie. De fang is in houten rembân, dy't troch in gewicht om in rêd knypt en wurdt betsjinne troch de lange peal mei ketting dy't efter út de mole stekt.

Fierder binne der artikels, wêr't yn stiet, dat de moleman ferplicht is by bepaalde wetterhichten te meallen deis en as dat nedich is ek nachts. Alhoewol by nachtmeallen it bestjoer foar help soargje moat om't foar ien man oars net te dwaan wêze soe.

De moleman mei, as de mole draait, net op bêd gean, en mei de molepôle ek net ferlitte.

Fierder as de mole lang stil stiet, moat hy nei it westen ta stean en ôfwikseljend op in oare roede set wurde. By winter moat de skroef sa lang mooglik loshâlden wurde en mocht der dochs fêst frieze, dan moat der mei de grutste foarsichtigens wer losmakke wurde.

Oan't safier inkelde punten út dizze 23 artikels.

Tsjinoer al dizze ferplichtingen stie dan in "jaarwedde" fan 90 gûne yn it jier en frij wenjen. (It heart wol net folle, mar jo hiene der yn dy tiid grif in kleuretelevyzje foar keapje kinnen, allinne se wiene der net.)

It wie no bepaald net in lean om by de doarren op te fleanen, mar dochs wiene der 16 minsken dy't der wol gading oan makken.

Ut dizze 16 waard T. Wiersma as moleman beneamd. Sa'n man mocht net fêst by in boer besteld wêze, wat syn lean faaks net te goede kaam.

Dat de tiid doe efterút gong, blykt wol út it mealjild, dat yn 1886 foar de boer ferlege waard fan 6 nei 5 gûne de HA. En de moleman syn lean sakke fan 90 nei 75 gûne. De man gong der dus yn "koopkracht" 16,7% op efterút. Dit hie in moai sjouwtsje foar Wim Kok west. Mar der waard doe net oer praat, der wie oars net, ja, 15 sollisitanten dy't it spitch fûnen, dat se it net krigen hiene.

Boppedat wie in arbeider dy't op 'e mole kaam suver wat in "Rolls Royce" ûnder syn kollega's. Ien ding hiene dizze minsken foar: se prizen harsels net út 'e merk en se wiene der goed fan oertsjûge, dat der in grut ferskil wie tusken: "wêr't jo mei takinne" en "wat jo net opkinne."

Yn 1888 waard moleman Wiersma opfolge troch P. Talsma, dy't fuort in salaris-ferheging krige fan 10 gûne, mei de betinkst, dat op fersyk fan in pear yngelannen de mole net wêr op snein draaie mocht. Fear jild wie doe dus ek alles al te keap.

De man tocht fansels: as it op snein reint, mei ik op snein ek wol mealle, en wat ik sneins útmeal hoech ik deis net foar te fersomjen.

Yn 1904 waard de mole op 'e nij ferve troch Schuil fan Tsjerkwert; it koste mei it hûs derby f 88,60.

Yn dat jier waard moleman Talsma opfolge troch Douma. Dit wie fan koarte djoer, want yn 1907 waard út 33 sollisitanten E. Bijlsma as moleman beneamd.

Om't ferbean wie om bisten te hâlden op in molepôle, hie de moleman fan de Exmoarster mole berjocht hân dat er net mear bargemeste mocht yn 'e mole. Sa krige Eade Bijlsma berjocht, dat er syn mollehûn fuort dwaan moast, mar Hylsma woe Beike net misse. No ... it hûntsje hat it witten: by in moaie sudewyn kaam er foar in roede en saaide oer de opfeart en belâne sûnder "thermiek" op 'e polderdyk (total loss).

Yn 1913 waard de Exmoarster mole troch de wearljocht rekke, baarnde ôf en waard ferfongen troch in wynmeter (windmoter).

Yn 1916 krige moleman Bylsma 35 gûne leansferheging, mar der waard bysein, dat er him net wêr fêst by de boer bestelle mocht. Foar boer en moleman wie it wolris in toer om it altyd iens te bliuwen. As it drok wie op 'e buorkerij, hie de boer mar leafst as de moleman der wie, as stie it wetter ek yn 'e greppels. Mar as der net folle wurk wie, sei sa'n boer fakentiids: jo moasten hjoed mar mealle; al leine de fearten ek droech.

Dochs bliuwde Bylsma oant 1926 ta moleman en hâlde it sa-dwaande it langste út. Moleman Louwsma, dy't him opfolge yn 1927, bliuwde mar foar in jier. Sa ek waard J. Hibma, dy't hjir neikaam, yn 1929 opfolge troch L. Minnema.

Doe't yn 1929 timmerman R. Posthumus (Riankbaas) sei, dat der wol fear 2000 gûne ûnkosten oan de mole kaam, soe er wat bedriuwssiker bliuwe, kaam it bestean fan ús mole yn gefaar.

Der waard praat oer in wynmeter en oer in grut elektrysk gemaal en dan yn Exmoarre. Mar Exmoarre wie doe noch net elektrysk oansluten en dat joech de trochslach, dat ús mole wêr opknapt waard.

In stichting "Hollandse molen" wie der noch net, dus... as sa'n bestjoer dat woe koene se de hiele mole samar ôfbrekke litte.

Yn 1930 krige timmerman Wynia, dy't Riankbaas syn saak oernommen hie, oarder om de houten as boppêyn 'e mole te ferfangen troch in izeren ien. Gjin lyts kerwei: in as fan 4000 kg en dan sûnder Pax-kraan!

It ferhaal wie: doe't baas Wynia de as mei alle mooglike bokken en takels hast op hichte hie, briek er in sking yn in tou. Der waard stimd: trochlûke as sakje. De measten seine trochlûke en it kaam goed.

Yn 1934 waard Sj. Dykstra as moleman beneamd. Sa waard yn 1938 de mole fersjoen fan elektrysk ljocht. De oanlis fan it hûs koste f 84,60 en dat fan de mole f 30,--, en dan ek noch mei in gang fan Klaas Schukken.

Doe't yn 1940 ús lân beset gebiet waard, kaam der in skriuwen fan de "Rijkscommissaris voor bezet gebied", dat moolders frij wiene fan "tewerkstelling" yn Dútsklân.

Ek dat it ferbean wie fear in wetterskip om joaden yn tsjinst te hawwen.

Yn 1942 waard Sj. Dykstra opfolge troch A. Draaijer as moleman.

Al hoe 'n ûntigelik soad der yn de notuleboeken stiet, der wiene altyd ferhalen, benammen yn 'e oarlochstiid, dy't der net yn foar kamen. Sa ek it folgjende:

- Troch in krap distribúsjesysteem hie de be-setter it stikje fleis yn 'e panne ferhipte lyts makke. Der waarden sadwaande op in bulle plakken stikem bisten slachte.

De Beabuorster mole wie ek sa'n plak. De fette kij, dy't deis yn in bûthûs op Beabuorren brocht waarden, makken dan jûns by tsjuster harren lêste loop nei de mole.

De slachter, mei help fan de moleman, hie dan it bist al ridlik gau boppe de útskoatbak hingjen. En as de mole dan knap draaide, kaam alles, wat der tefolle oan in ko sit as it om opiten giet, yn 'e opfeart telâne en gyng sa op nei de Makkumer feart, teminsten as it omskot fan "frou bolle" net hjir as dêr de hoarnen yn 'e wâl sette en it hiele spul yn 'e reiden hingjen bliuwde.

Tidens al dit barren hie skriuwer dezies de opdracht om yn it pûr tsjuster de heale nacht efter de mole te stean om de buien yn 'e gaten te hâlden, mei- en sûnder hakenkrús.

Mar och, as jo twa jier as ûnderdûker noait fan 't hiem west hiene, wiene jo der doch ris efkes út.

As dan nachts om sa'n trije oere in âld mantsje de opfeart delkaam mei in pream fol pûn (doe koene jo de opfeart noch farre), waard alles fan "haas tot ossestaart" ûnder it pûn bedobbe.

It earste wat dit mantsje frege waard, wie:

"Hast ek wat sjoen ûnderweis?" As er sei fan:

"Gjin kop," wie it moai wis, dat alle ôffal yn 'e Makkumer-feart wie en gjin "edelweissjonger" útmeitsje koe wêr it weikaam.

It iene goede foar ús mole yn dizze minne tiid wie, dat de mole yn 1942 by gemeentlike beslissing op 'e monumintelist kaam.

Yn 'e hjerst fan 1945 briek in roede fan de mole yn twaën; lokkich gjin persoanlike ûngelokken. It wie net mooglik om yn dy tiid in houten balke fan 20 meter hjir foar te finen.

Om't yn 'e oarloch alle hikken en stekken foar brânhout fan de polderdiken ôfhelle wiene, stie it wetterskip foar hege ûnkosten.

A. v.d. Berg, dy't A. Draaijer yn 1946 as moleman opfolge, hat oant 1948 ta mei ien roede meald.

Doe't út priisopjefte fan Hubert, Snits bliken die, dat in izeren roede 4000 gûne kostje moast, waard al wêr praat oer bûten-wurking-setten fan de mole en it bouwen fan in elektrysk gemaal. Pas doe't de subsydzjes loskamen fan Gem. Wûnseradiel (riedsgearkomste 2 sept. 1958), fan Dep. Steaten en fan de Steatsiktaris foar âldheidskunde, koe men sizze dat de Beabuorster mole foar ôfbraak behâlden wie.

Yn 1963 waard troch boubedriuw v. Zuiden fan Tsjerkwert in nije izeren skroef en skroefbak oanbrocht en it jier dêrop in twadde izeren roede.

Sa waard yn 1966 W. Koopmans as moleman beneamd út 5 sollisitanten en docht dit oant no ta noch.

"Koopmans bemaalt en beheert het geheel met veel vakmanschap", sa stiet it yn it Fries Molenboek.

Yn 1976 kaam it ta in "reorganisatie" fan wetterskippen. Doel wie de 300 wetterskippen en in noch grutter oantal polders yn Fryslân te konsertearjen ta 11 grutte wetterskippen.

Ut 36 wetterskippen, wêrfan "Exmorra c.a." ien wie, ûntstie sa it "Marnelân."


Op 1 maart 1976 kamen bestjoer en ingelannen fan it wetterskip Exmoarre foar it lêst yn fergadering en alles wat oan "Exmorra c.a." hearde, gyng oer nei it "Marnelân"; sa ek de Beabuorster mole.

Krapoan 100 jier hiene ferskate bestjoersleden yn it wetterskip Exmoarre sitting hân en mei har yngelannen alle belangen fan wetterbehearsing, sa goed mooglik behertige.


Faaks by in "gratis" slökje, in sigaar en in gesellich praatsje, wiene de problemen oplost. Mar it begûn der mear en mear op te lykjen, dat it wetter yn Fryslân mear, en in oar omtinken krige dan yn it ferline. Soargen foar û.o. "recreatie en milieu" fregen gruttere ienheden, wêr't faaks mear bestjoerskrêft fan útgong.

Mar de mole draaide troch, no foar in oare baas. Hoefolle m³ wetter as der fermeald hat yn de 100 jier, is min te sizzen. Sa'n 700 meter fan him ôf stiet Jehannes Dykstra syn wyngenerator, in bewiis foar ús mole, dat er twa tiidperken fan "windenergie" oan elkoar meald hat.

En as op 30 nov. 1982 de hûndert jier fol is, sil der yn "vreugdestand" stean.



"vreugde"



"rouw"

Gjin fijân lykas ûnwaar en stoarm wiene him te grut yn dizze 100 jier.

Mar ienris sil syn grutste fijân komme: de djipûnt-wettering fan Wûnseradiel-súd.

As it wetterpeil dan 1,20 m sakket, sille skroef en skroefbak it wetter net mear rikke kinne. Dan sil er faaks nochris yn 'e rau stean en dan rêst ús mole alinne noch om opnommen te wurden yn in "museum-route" om dan neifertelle te kinnen oer it ferline.

De oare kear folget noch in neiskrift.

Pier Z.

FED. VAN MUZIEK- EN ZANGVERENIGINGEN IN WONSERADEEL

Hallo jongens en meisjes,

Hier een berichtje van de Fed. voor muziek- en zangver. in Wonseradeel. Een hele mond vol, niet, waar?

Waarom dit bericht? Wel, dat zullen we proberen uit te leggen:

In Wonseradeel wordt weinig gezongen door de jeugd, omdat de mogelijkheden beperkt zijn. Kinderkoren zijn er niet meer, nadat het kinderkoor van Ferwoude is opgeheven. Er zijn wel enkele Gospelgroepen en dan de grote koren.

Door deze koren is gevraagd of de Fed. ook iets voor de jeugd kon doen, die wil zingen.

Onze korpsen bestaan voor het grootste gedeelte uit jeugd, terwijl de koren praktisch geen jongeren hebben.

Het bestuur van de Federatie organiseert daarom een middag waar o.l.v. de heer Bosklopper en de heer v.d. Veen gezongen zal worden. Deze happening wordt gehouden op zaterdag 6 nov. in 't Honk te Exmorra van half 2 tot 6 uur.

De Gospelgroep van Tjerkwerd, Con Spirito, zal ook komen om mee te zingen en om eens te laten horen, wat zij op hun repertoire hebben.

Dus..... heb je zin om te zingen, kom dan op 6 nov. naar 't Honk. De kosten voor dit gebeuren zijn f 5,-- p.p.; hiervoor krijgen jullie 2 keer drinken en een kook.

Wij hopen, dat jullie allemaal komen en vele vrienden en vriendinnen meenemen.

Tot ziens op 6 november!

Met vriendelijke groet,

Klaasje Bijlsma-Bloemsma,
Ds. W. à Brakelstraat 3,
Exmorra.

P.S. Indien jullie nog iets te vragen hebben, of je nu alvast op wilt geven, dan kun je bellen naar Klaasje, tel. 4787. Het liefst na 6 uur.

BOARGERLIKE STAN:

Op 17 septimber kaam lytse ANNA, as dochter fan Peter en Gea Rozenberg te wrâld. Se hie in gewicht fan 3350 gram en wie al 53 centimeter.

Op Fjildhuzen waard Tineke berne. Sy is it famke fan Rinse en Fookje Bakker.

Op 25 oktober hat Jessica Oudejans fan 'e Singel it oantal ynwoners fan Tsjerkwert fersterke.

Ek om utens giet it libben syn gong. De redaksje krige in kaartsje út Renkum fan Hotze en Wyke Voenendaal-Reidsma (fan Jouke en Geartsje) om ús tyngte te dwaan dat sy in soan MARCEL krigen hawwe.

Lolle en Caecilia Schakel (fan Freark en Wiep) út Wikel hawwe in soan krige: FREARK DANIEL. Alle âlders en pakes en boppes, tige lokwinske!

De famylje Flapper fan 'e Sylroede betochten dat sy 25 jier trouw wiene en dat is ek in lokwinsk wurdich!

In tige drôf berjocht fan Boabuorren, wer't Anne Bakker sa hastich ferstoar. It meilibjen fan it hiele doarp giet út nei harren dy't efterbleaune.

-&-&-&-&-

Uit het brughok geklapt

Ondanks de prachtige zomer zijn er dit jaar toch minder schepen de brug gepasseerd dan vorig jaar. Waarschijnlijk is men door het mooie weer langer op de meren gebleven.

We hebben dit keer eens op de vlaggen van de passerende schepen gelet en kwamen tot het volgende lijstje: Friese- en Nederlandse vlag; Duitsland; België; Frankrijk; Australië; Denemarken; Engeland; Noorwegen; Oostenrijk; Zwitserland; en Zweden.

Eén boot voerde de vlag van de gemeente Idaarderaal-deel (zou het soms de burgemeester geweest zijn?)

Hijdragen binne kommen fan:

D. Walsma, Boalsert; B. Walsma, Iemswâlde; J. Kroontje
en A. Mekking, Singel; Jelly de Jong, Drachten; D. de Jong
Oranjewâld; T. Canter Visscher, Capelle a.d. IJssel;
L. Huisman, Tsjerkestrjitte; Akko de Haan, Boalsert;
H. Dijkstra, Sylroede; J. Dijkstra, Sondel; ???;
J. Hijlkema, Beabuorren.

Tankjewol allegearre!

====...

Snypsnaren:

- de jiergearkomste 1982 fan Doarpsbelang is op freed
26 novimber.
- ús korps hat rûnom lammen yn 'e weide. der is ien dea
gongen, dat dêr bliuwt heechút in blokfluit fan oer.
- bij Flapper rekke der letterlik in kat yn 'e
gerdinen. der waard jacht op it bist makke en it
rekke dûbelgear efter de sintrale ferwaarming.
dochs libbet it bist noch.
- Ineko Dijkstra soe forvje. mei de knappe kleen
oan gyng it los, mar.....jo moatte de pôt net falle
litte. dat barde wol en broek, skuon en flierkloed
waarden brún.
- Hille, Geart en Meinze krije mesykles fan M.P.A.-
learlinge Janny G.. M.P.A. betsjut : Meiwurkers
Perslucht Aksje.
- sneon 13 novimber krite Snits mei it blijspul
" MIRANDA "
- Miranda is Frysk foar Maaike.
- elts mei graach ris fiskje. dan moat men fansels ek
wjirmen hawwe. Flapper past sa goed op syn wjirmen,
hij nimt se sels mei út te kuijerjen
- wa wurdt Skieppesturt fan it jier 1982 ???
- Eensgezindheid hat in nije dirigente. foar it earst
yn 60 jier hantearret in frou it (dirigeer)-stokje.
de (manlike) leden sjogge nou al gâns mear nei de
dirigente!!!!!!!!!!!!
- kopy ynleverje foar 9 decimber!!!!!!

[Handwritten scribble]

